



De Iene Leagen

Is De Oare Net

(MISCONCEPTIONS)

In komeedzje

fan

MICHAEL VUKADINOVICH

Fryske oersetting

GURBE DIJKSTRA

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.

(Grimas Theatergrime verkoop)

Tel: 072 - 5 11 24 07

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **DE IENE LEAGEN IS DE OARE NET - MISCONCEPTIONS** gaan opvoeren, dienen in alle programma-boekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **MICHAEL VUKADINOVICH** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

Copyright: 2004 © by Michael Vukadinovich

Copyright Frisian translation: 2008 by Michael Vukadinovich

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

Email: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **4** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten
van u te claimen, of te innen.**

PERSOANEN:

CLAIRE - Frou achter yn de tweintich. Skrander mar mei melangoalyske trekjes. Se is romantysk sa ha je net.

DORA - Har âldere suster, tritich jier. Is wat opfallender en kreazer as Claire en fynt harsels ek wizer. Dora hat wat mear ûnderfining as Claire, dy't wat mear op harsels is.

MEM - Frou achter yn de fyftich. Se liket âlder, net allinne troch har uterlik, mar ek troch har gedrach. Har ienichste winsk is: beppe wurde.

PITER - Man achter yn de tweintich. In wat nerveus mar sympatyk type. Hy sjocht der oantreklik út mar hat der sels totaal gjin erch yn.

SITUAASJE:

It appartemint fan Claire en Dora. In rommelige keamer fol klean, foto's en tiidskriften. Midden foar in sofa en in platte tafel fol mei wykblêden, katalogussen, kranten en in lege wynflesse. Midden achter in doar nei de sliepkeamers, rjochts in doar nei de keuken, links de doar nei bûten.

Noadich binne:

Skelkjas
Paraplu
Telefoan
Keukendoek
Flesse mei wetterstofperokside
Tekken
Kessens op de bank
Lippestift, yn de tas fan Dora
Troujurk, foar Claire
Pyama, foar Dora
Grutte koffers (2)
Boadskiptas
Reinjassen foar allegear

Lûden:

Telefoan
Doarbel

Earste bedriuw

In bytsje oer alven de jûns. Claire sit yn pyama op de sofa en blêdet wat yn tiidskriften. Der stiet neat yn dat har oandacht hat. Se smyt in tiidskrift op de grûn en pakt in krante.

CLAIRE: (*lêst lûdop út de krante*) “Vrouwen van jong tot oud dienen op hun hoede te zijn voor een man van middelbare leeftijd, die ‘s nachts alleen lopende vrouwen volgt en hen onder bedreiging van een vuurwapen van hun schoenen berooft. Tot nu toe heeft nog niemand fysieke gevolgen ondervonden van een overval door deze man, die zichzelf de “Schoenenbaron” noemt. De politie stelt echter dat het gedrag van deze man onvoorspelbaar is, wellicht gaat hij ooit over tot het roven van overige kledingstukken of zelfs onderkleding. Vast- gesteld is dat deze man, die zich vooral richt op schoenen met hoge hakken, al voor meer dan duizend euro aan schoenen heeft gestolen.” (*lit de krante op de grûn falle*) Der sil doch hjir of dêr wol in oarloch of in ramp wêze? (*se siket wat tusken de steapel tiidskriften. Dora, formeel klaaid, komt op troch de doar links. Se hat nei in brulloft west en hat in paraplu by har*)

DORA: Harre krammele, it reint dat it miicht! Ik sil dy dit sizze, at ik ea wer trou, gean ik net nei myn eigen brulloft. God, Claire, sels do soest it super saai fûn ha. Trouwe dogge je allinne om de kadootsjes, ik kin gjin oare reden betinke.

CLAIRE: (*sjocht net iens*) Of miskien omdat je fan elkoar hâlde.

DORA: Leau my, sels ‘hâlden fan’ kin gjin reden wêze om sa’n ferfelende brulloft te hâlden. Do kinst dy net foarstelle hoe ferskriklik at it ek no wer wie.

CLAIRE: Dan doch ik dat ek mar net.

DORA: Witste, direkt nei dat gedoch met ‘ja, ik beloof’ en tuten lieten se in stel downen los. Wite downen! Ik koe wol spuie.

CLAIRE: (*oprjocht*) Liket my moai.

DORA: Soms kin ik net leauwe dat wy echt susters binne. Goed, dy downen wiene dus los en elkenien stie se nei te sjen, triennen yn de eagen fan de romantyk, doe’t der samar ynienen in protte rôffûgels foar ‘t ljocht kamen. In pear tellen letter wie de helte fan de downen útmoarde.

CLAIRE: Rôffûgels?

DORA: Ja, rôffûgels. It blykt dat se dat altyd dogge by dy tsjerke, downen loslitte, en alle rôffûgels út de buert witte dat, ek in soarte fan evolúsje, tink ik. Dus, elke kear at dêr in trouwerij is wachtsje dy rôffûgels it momint ôf dat se dy downen loslitte. Gjinen wit wat se

der oan dwaan moatte. Ien fan de downen foel dea út de loft, plof, boppe op de breid, har hiele jurk siet ûnder it bloed.

CLAIRE: Raasde se it net út?

DORA: Fansels raasde se it út! In deade fûgel op dyn troujurk. Dy sil se fuort wol útlutsen ha. Mar it ferfelendste wie de tsjûge, dy hat de hiele jûn om my hinne hongen. Wat in kwal! Hy sei oars neat as: 'Fan in brulloft komt in brulloft'. Nee, it ienige positive wie dat ik it dizze kear net wie dy't troude. Ik hie stadichoan al it gefoel dat ik altyd de breid wie en noait es it breidsfamke. En as wie 't noch net moai genôch, begong it ek noch te reinen. In hoasbui, net te leauwen. (*merkt dat Claire net bot ynteressearre is*) En wat hasto dien hjoed?

CLAIRE: Dy begraffenis.

DORA: O hearken noch oan ta, hielendal fergetten. Hoe wie dat? Ik bedoel, hoe wie dat foar dy?

CLAIRE: Ach, hoe giet it mei dat soarte fan dingen. It wie net echt in freondinne, it wie gewoan ien út de klasse fan froeger. Nei de eksamens ha ik har noait wer sjoen. Mar it bliuwt frjemd atst yn de gaten krijst datst like âld bist.

DORA: No ja, do hoegdest yn elk gefal net nei in brulloft.

CLAIRE: Nee.

DORA: En watst der fierder ek mei dochst: net oan dyn eigen dea tinke. Dat is sa deprimearjend. Dat is krektlyk as nei in brulloft gear en dan oan dyn eigen leafdesleven tinke.

CLAIRE: (*ynienen*) Ik ha dêr ien troffen.

DORA: Ien troffen? Op in begraffenis?

CLAIRE: Witst noch fan Piter?

DORA: Dat senuwachtige jonkje, wêr'tst op skoalle mei wiest?

CLAIRE: It hat mar in pear wike duorre. Hy gong nei 't bûtenlân. Yn elk gefal, hy wie der ek, en, hoe sil ik it sizze, it klikte fuortendaliks wer tusken ús. It wie krekt as hie er noait fuort west.

DORA: Op in begraffenis kin it dus samar klikke?

CLAIRE: Ja. Hy wie sa leaf, Dora. Hy joech my blommen... in grutte faas mei blommen.

DORA: Hie er blommen foar dy meinommen?

CLAIRE: No, hy hie se net echt meinommen. Hy pakte se fan in tafel en joech se oan my.

DORA: Hy hat se dus stellen?

CLAIRE: Kinst my dat no foar ien kear net gunne? Hy is de ienige man dy't my oait blommen jûn hat. Trouwens, ien fan de famylje seach it en frege oft ik de blommem werom sette woe, dus do kinst net sizze dat se stellen binne.

DORA: Mear 'liend'.

CLAIRE: Ja, hy 'liende' blommen foar my.

DORA: En dat wie leaf, fynsto.

CLAIRE: Dat wie leaf.

DORA: Do rinst teminsten noch ien tsjin 't liif en noch wol op in begraffenis. Ik kom sels op in brulloft noch net in geskikte fint tsjin.

CLAIRE: Ik rûn 'm net tsjin 't liif, it wie in nije kennismakking. Hy sei dat er my noch belje soe, mar ja, dan wilst it wol.

DORA: Unsin. Ik wedzje datsto, foardat de wike om is, hielendal fereale bist.

CLAIRE: Fereale? Dat wit ik noch net, hear.

DORA: Ik wedzje om tweintich euro.

CLAIRE: Do weddest om tweintich euro dat ik noch foar it ein fan 'e wike fereale bin?

DORA: Sa seker bin ik dêrfan.

CLAIRE: Goed, tweintich euro.

DORA: Ik tink datst op 't ein fan de moanne ek syn achternamme al hast.

CLAIRE: Ik sil noait de achternamme fan myn man drage.

DORA: Dat is hiel snoad, dat makket de skieding safolste makliker.

CLAIRE: En ik sil ek noait skiede.

DORA: Ik bin der wis fan datsto alles oars oanpakke silst.

CLAIRE: Dat sil 't wol. Wa oars as ik fynt syn leafde op in begraffenis?

DORA: In hiele bulte minsken. Foar't er troude gong Richard altyd nei begraffenissen om froulju te moetsjen. Dat hie eins de earste oanwizing wêze moatten dat hy net it geskiktste houliksmateriaal wie. Mar goed, wedzje wy?

CLAIRE: Ja, mar it is net it meast briljante idee. De lêste kear dat ik in ôfspraakje hie mei in man naam er my mei nei it Museum foar Ferdraachsumens. It Museum foar Ferdraachsumens foar in earste ôfspraakje!

DORA: Earme skat.

CLAIRE: Hy sei dat er my meinimme woe nei wat edukatyfs... wêr't we ek prate koene. Hy hold net fan de bioskoop, dêr koest net echt mei elkoar prate sei er.

DORA: En... wie 't edukatyf?

CLAIRE: (*noch lilik*) Ja, it wie edukatyf. En we ha praat. It ienige wat er die wie kleie oer it djoere parkearjen. 'Tsien euro foar in parkearplakje is stellerij!'

DORA: Wol 'ferdraachsum' fan him om dy tsien euro te beteljen. En? Hy prate wol tsjin dy?

CLAIRE: Seker. 'Atsto kieze mochtst, op wa soest dan lykje wolle?

O, sjoch, Claire, wilst dat? Auschwitz wie in wurkkamp, mar Birkenau mear in ferneatigingskamp. Iksels bin in echte Rod Stewart fan'.

DORA: Earm fanke. Ik wist net dat er ien wie dy't fan Rod Stewart hold.

CLAIRE: Under iten sei er: 'Meist bestelle watst wolst. We betelje elk ús eigen'. Dêrom gean ik leaver nei begraffenis as nei in blind date.

DORA: It ferstân hinget by dy keardels yn 't krús.

CLAIRE: Dy skiedingen ha dy synysk makke.

DORA: De houliken ha my synysk makke. It skieden hat my ryk makke.

CLAIRE: No, ik leau noch altyd dat er foar elk wol ien is.

DORA: Ik twivelje der ek net oan dat er ergens op 'e wrâld ien goede fint omrint... mar ja, alle famkes sykje om dy iene.

CLAIRE: Dy iene wol ik fine. Net dat er my útkieze soe, atst der fan útgiest, dat er elk fanke krije kin wat er ha wol. Mar ik soe wol graach ien fine wolle en mei him troch it libben gean wolle sa't ik my dat foarsteld ha.

DORA: Dyn hiele libben mei dy iene man? Dan soe ik om te begjinnen of kettingroker wurde of allinne mar ôfspraakjes meitsje mei hiel âlde keardels. *(de telefoan giet)* At dat mem is: ik bin der net.

CLAIRE: Wêr bist dan?

DORA: Ik doch frijwilligerswurk by de opfang foar dakleazen... of wêr dan ek mar.

CLAIRE: Krekt as soe se dat leauwe. Is de kroech net in better idee? *(nimt de telefoan op)* Hallo. Hoi, mem. Neat, mem. Ik yt wol, mem. Ik bin net te meager, mem. Ik wit wol dat manlju net fan meagere froulju hâlde, dêrom yt ik ek. Nee, mem, mem moat hjir net hinne komme om iten foar ús te meitsjen. Ik ha net sin oan gehak. Der is gjinien dy't tsjin mem har gehak op kin. Wêrom soe ik achter dyn rêch om gehak ite by in oar? It is oer alven, mem. Nee, do moatst hjir net hinne komme. Nee, Dora is net thús. Ik tink dat se nei de opfang foar dakleazen is. Nee, ik liich net. Ik wit it net... bôle ompartsje of sa. Fansels mei se dêr mei-ite. Dat fyn ik ek. Dora sjocht wat bleek om 'e noas tsjintwurdich... Ja, ik tink ek dat it dêrfan komt. Okee, mem. Nee, mem hoecht net te kommen. Echt net. Wier. Ja, wy hâlde de boel wol skjien. It is hjir allegear spic en span. Okee, mem. Doch heit de groetnis. Doch ik. Daach, mem. *(se hinget op)*

DORA: At dat mins har sin krigen hie wiene we beide allang stoarn oan ûnfoege swierlivigens. Betanke datst my de telefoan net jûn

hast.

CLAIRE: Dyn beurt komt noch wol. Se woe hjirhinne komme.

DORA: It is al oer alven!

CLAIRE: Se makket har soargen oer ús.

DORA: Dat doch ik ek, mar dêr sliep ik net minder om.

CLAIRE: Se seit soms samar fan dy ûnsinnige dingen, yn 't wylde wei.

DORA: Ik wit watst bedoelst. Lêsten hie ik har oan de telefoan en doe sei se samar: 'Betty Ford moat betelje'. Samar, sûnder oanlieding.

CLAIRE: Wat idioat.

DORA: Ik meitsje my soargen. En se bliuwt mar dwaande mei dy Jimmy Stewart.

CLAIRE: Earme mem. Se wol sa graach in beppesizzer. Ik tink dat se ús allinne op 'e wrâld set hat om har oan beppesizzers te helpen.

En do hast gjin keardel mear en ik bin sels noch nooit fereale west.

DORA: No moatst net oerdriuwe. Ik wit seker datst wol es fereale west bist.

CLAIRE: Net mear sûnt Jeffrey Burk... en dat wie yn de tredde klasse.

DORA: 'Jeffrey Burk'. Wêrom komt dy namme my sa bekend foar? Doch net de Jeffrey Burk dy't yn Ingelân geboaren wie, op syn earste hjir kaam te wenjen en likegoed dat Britske aksint hie?

CLAIRE: Hearken noch ta, hasto ek al wat mei him hân?

DORA: (*noflik oantinken*) Ik leau net datst dat allinne mar mei 'wat' ôfdwaan kinst.

CLAIRE: Do hast dus ferkearing hân mei myn freon. Dy iene inkele flam út de tredde klasse moatsto ek sa nedich ha!

DORA: Doe wie er de tredde klasse allang ûntgroeid.

CLAIRE: Soks oerkomt my wer.

DORA: O, doch net sa dramatysk. Dat mei my wie fyftjin jier letter.

CLAIRE: Dat is 't punt net.

DORA: Wat dan wol?

CLAIRE: Wêr wiesto jûn?

DORA: Do witst bêst dat ik nei in feest wie.

CLAIRE: En wêr wie ik?

DORA: Do hiest in begraffenis.

CLAIRE: En dat is 't ferhaal fan myn leven.

DORA: It is dan ek gjin goed ferhaal. Der sit gjin plot by.

CLAIRE: Do hast myn freon út de tredde klasse stellen.

DORA: Do hast ek wol es skuon fan my stellen.

CLAIRE: Hoe kinst no skuon mei freonen fergelykje?

DORA: Dat kin samar.

CLAIRE: Nee, omdatsto oeral oer hinne rinst!

DORA: It is mear as fyftjin jier letter, dus ik begryp net wêr'tsto dy sa drok oer makkest.

CLAIRE: It punt is net wannear'tst wat mei 'm hiest, mar **datst** wat mei 'm hiest. Wêrom kin ik no noait tsjin dy op? Ik sil noait de wiere kennen leare salang't ik in suster ha as do.

DORA: In suster as ik?

CLAIRE: Do witst doch wol hoe'tst bist?

DORA: Nee, dat wit ik net. Fertel es.

CLAIRE: Hoe'tst mei manlju bist.

DORA: Hoe bin ik dan mei manlju?

CLAIRE: Dat kin elke man dy fertelle.

DORA: Bedoelst dat se fine dat ik wat... oan de losse kant bin?

CLAIRE: De fraach stelle is him beäntwurdzje.

DORA: Okee. Wol, dyn probleem mei de manlju dat binne net dy manlju.

CLAIRE: Sis it mar, wat dan?

DORA: It sit yn dysels, do wurkest sa deprimearjend op manlju dat de meast solide fint noch oan de Prozac rekket. Of wa wit is dyn figuer it probleem wol.

CLAIRE: Ik soe eins hiel goed nei dy harkje moatte, no? Want do hast in skat oan ûnderfining yn de leafde en houliken – do hast se wol beide ferknoeid – mar do hast it doch allegear mar meimakke!

DORA: Do witst bêst dat it yn beide gefallen myn skuld net wie.

CLAIRE: Ien kear is noch wol te begripen, mar twa? Op dyn leeftiid? Neffens my wie 't allinne mar in skreau om oandacht.

DORA: (*oerdreaun dramatysk*) Ik ha noch noait om oandacht skreaud!

CLAIRE: Froeger hiest altyd wol ergens in pleister op, allinne mar omdat de minsken dan freegje soene wat er mei dy wie.

DORA: Dat hat elk bern wol es.

CLAIRE: Bern. Do wiest santjin.

DORA: Ik wie in letbloeier.

CLAIRE: Atsto de frou fan in presidint wêze mochtst, welke soest dan wêze wolle?

DORA: Hoesa no wer?!

CLAIRE: Welche? (*Dora tinkt even nei*)

DORA: Jackie Kennedy.

CLAIRE: Dêrmei ha ik it bewiis.

DORA: Wêr hast it oer?

CLAIRE: Ik ha yn in tiidskrift lêzen dat froulju dy't foar Jackie Kennedy kieze leaver moai en ferneamd binne as goed en yntelligint.

DORA: Ik wie yn elk gefal net fan doel om Barbara Bush te sizzen.

CLAIRE: En wêrom net?

DORA: Welke soesto nimme?

CLAIRE: Betty Ford.

DORA: Wêrom Betty Ford?

CLAIRE: Omdat gjinien oars har nimt.

DORA: Do bist gek. 't Is doch net te leauwen datst liik bist omdat ik wat hân ha mei dyn freon út de tredde klasse en dat fyftjin jier letter! Do begjinst op ús mem te lykjen.

CLAIRE: Ik ha yn elk gefal har figuer net.

DORA: Nee, dat hast fan heit.

CLAIRE: *(nei in koarte stilte)* Ik fyn datst hjir wei moatst. Ik wol hjir net mear mei dy tegearre wenje.

DORA: En wêrom moat ik er dan út?

CLAIRE: Wêrom troust net gesellich wer es? Dat wie meastal dyn oplossing foar in dak boppe de holle. Oant datst by my ynkaamst.

DORA: No begryp ik wêrom't manlju neat yn dy sjogge.

CLAIRE: *(smyt in kessen nei Dora)* Hoer!

DORA: Do fynst my in hoer? Ik sil dy sjen litte hoe't in hoer der útsjocht! *(nei de sofa, se grypt in lippestift en bedriget Claire der mei, wylst se har op de sofa deldrukt)* Ik wie altyd al sterker as do.

CLAIRE: Atst boppe-op my lizzen giest, ja! *(Claire wit har ûnder Dora wei te wrakseljen, Dora leit no mei de rêch op de sofa)* Sa, gean do no mar es moai plat op de rêch! Dat is ommers dyn favorite hâlding?

DORA: Gjinien krijt Dora der ûnder!

CLAIRE: Ik tink dat ik dy no mar es sa behannelje moat datst in kear net alle oandacht krijst.

DORA: *(wrakseljend)* Ah, do wolst es alle oandacht? In bytsje make-up sil helpe! *(Dora hellet de lippestift oer it hiele gesicht fan Claire. Claire lit Dora los)*

CLAIRE: Do heks!

DORA: *(nei in koarte stilte)* Neamsto my in heks? *(de telefoan giet. Beide sjogge der nei en dan nei elkoar. De telefoan giet wer en beide wolle opnimme. Dora nimt op)* Mem, dyn dochter liket no wol in hoer. Hallo? Wa? Piter! *(sjocht Claire oan dy't om de telefoan freget wylst se mei in broeierige stim trochpraat)* O, hi Piter. Ja ik bin Claire. Dat is tafallich dat ik de telefoan oannim. Omdat ik 'm hearde. De telefoan. Hoe is 't mei dy? Ik fûn it sa fijn om dy wer te sjen. Tanke wol. Is dat sa? Goed, kom dan mar. Nee, it is net te let.

Doch net sa m^âl. Ik stjer fan langstme. Begrypst? “Stjer” omdat we beide op dy begraffenis wiene. (*laket om har eigen grapke, Claire is poerrazend*) In pear minuten? (*se sjocht nei Claire, dy’t yn har pyama sit mei ferwyldere hier en lippestift oer har hiele gesicht, hymjend en mei wanhoop yn de eagen it gesprek folget*) In pear minuten is genôch, Piter. Ik bin sa klear. Okee, oant aansen dan. Daach. (*se hinget op, giet op har gemak op de sofa sitten, blêdet yn in tiidskrift as wie der neat gebeurde. Claire stoarret foar har út*)

CLAIRE: En?

DORA: Hm?

CLAIRE: Wêrom diest dat?

DORA: O, dat. Sorry.

CLAIRE: (*bedimmet har lilkens*) Wie dat Piter? Komt er hjirhinne?

DORA: Even tinke... O, ja, Piter. Ja, dy belle hjoed. Ach ja, do wilst hoe’t ik bin mei it trochjaan fan boadskippen.

CLAIRE: Dora, sis wat er sei. Komt er hjir wier hinne?

DORA: Ja, wit sa’nien no net hoe let at it eins al is? Hy sei dat er hjir oer in pear minuten wêze soe.

CLAIRE: Datsto soks dwaan kinst! No giest der dan ek echt út! Ik lykje... ik lykje...

DORA: Op in hoer?

CLAIRE: O god, ik moat wat oan mysels dwaan! (*se fljocht de sliepkeamer yn. Dora bliuwt sitten. Tsjin Dora, wylst se yn de sliepkeamer is*) Wat sei er noch mear?

DORA: O, dat wit ik allegear net mear hear.

CLAIRE: Dora, wat sei er?

DORA: Hy sei dat er foaral myn âldere kreazere suster sjen woe.

CLAIRE: Ik woe dat ik ienichst bern wie!

DORA: Ik wie sa geweldich dat heit en mem noch wol in kear woene. Spitigernôch, perfeksje slacht mar ien kear ta.

CLAIRE: Nee, nei my bin se opholden, nei my koene se pas echt tefreden wêze. Do wiest mar in earste besykjen.

DORA: Wilst wat Piter sei? Hy sei dat dyn stim oer de telefoan folle seksyer klonk as oars.

CLAIRE: Wês no es serieuus, wat sei er noch mear?

DORA: Dat wit ik net mear.

CLAIRE: Atsto hjir fannacht noch sliepe wolst dan fertelst my no wat er sei.

DORA: Hy sei sokssawat as dat er echt bliid wie dat er dy hjoed troffen hie.

CLAIRE: O, is dat net leaf?

DORA: Och, do moatst der wol rekken mei hâlde dat it op in

begraffenis wie.

CLAIRE: Wat sei er noch mear?

DORA: Dat er yn de buert wie en dat er dy jûn sjen woe. Soms moatsto dyn grutte suster echt brûke as ramplesant.


CLAIRE: Ik ferjou it dy noait.

DORA: Fansels net.

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 info@toneeluitgeverijvink.nl

 072 5112407



“Samenspelen” is ons motto